

# De Grûnstienspreuk

Rudolf Steiner. Vertaling in het Fries door Ytsen Kooistra.

## I - Minskesiel!

Do libbest yn de lea,  
Dy 't dy drage troch de wrâlde-romten  
Oan't yn it wêzen fan de geestes-see:  
Oefenje *geast-oantinken*  
Yn djipten fan de siele,  
Dêr 't machtich wurkjend  
Wrâldskepper-wêzen  
It eigen Ik  
Yn it Godlik-ik  
Ta wêzen wurdt;  
En yn oprjochtens silsto *libje*  
Yn it minske-wrâlde-wêzen.

Want de Heite-Geast fan de hichten bestjoert  
Yn de djipten fan de wrâld it wêzen fuortbringend.  
Jimme, geasten fan de krêft,  
Lit út de hichten klinke,  
Wat yn de djipten syn wjerklank fynt;  
Dit sprekt:  
Ut it godlike wurdt de minskheid ta wêzen.  
Dat hearre de geasten  
Yn east, west, noard en súd:  
Dat minsken it hearre meie.

## II - Minskesiel!

Do libbest yn de slach fan hert en longen,  
Dy 't dy troch it ritme fan de tiid  
Yn it fielen fan it eigen sielewêzen laadt:  
Oefenje *geast-besinnen*  
Yn it lykwicht fan de siele,  
Dêr 't de dynjende  
Wrâld-wurdende-dieden  
It eigen Ik  
Mei it Wrâlde-ik  
Ferienje;  
En yn oprjochtens silsto *fiele*  
Yn it minske-siele-wurkjen.

Want it Kristus-wollen bestjoert yn de omkriten  
Yn de ritmen fan de wrâld sielen-begenedigjend.  
Jimme, geasten fan it ljocht,  
Lit fan it easten út beflamje,  
Wat troch it westen him formearret;  
Dit sprekt:  
Yn de Kristus wurdt de dea ta libben.  
Dat hearre de geasten  
Yn east, west, noard, súd:  
Dat minsken it hearre meie.

## III - Minskesiel!

Do libbest yn de rêst fan de holle,  
Dat dy út de grûn fan de ivichheid  
It wrâldetinken oan it ljocht bringt:  
Oefenje *geast-oanskôgjen*  
Yn de rêst fan it tinken,  
Dêr 't de ivige goadesdoelen  
Wrâld-wêzen-ljocht  
Oan it eigen Ik  
It wollen yn frijheit  
Skinke;  
En yn oprjochtens silsto *tinke*  
Yn minske-geastes-grûn.

Want it wrâldetinken fan de geast  
Bestjoert It wêzen fan de wrâld It ljocht ôf smeejend.  
Jimme, geasten fan de siele,  
Lit út de djipten de bea opstige,  
Dy 't yn de hichten ferheard wurdt;  
Dit sprekt:  
Yn it wrâldetinken fan de geast, wurdt de siele wekker.  
Dat hearre de geasten  
Yn east, west, noard, súd:  
Dat de minsken it hearre meie.

## Yn it kearpunt fan de tiid

Liet it geastljocht fan de wrâld  
Him yn mei de ierdske wêzensstream;  
Nachtljik tsjuster  
hie syn krêft ferlern;  
It heldere ljocht fan de dage  
Striele yn minskesielen;  
Ljocht,  
It ferwaarmet  
De earne hoedersherten;  
Ljocht,  
It ferljochtet  
De wize keningshollen.

Goddelik ljocht,  
Kristus-sinne,  
Ferwaarmje  
Us herten;  
Ferljochtsje  
Us hollen;

Dat goed wurde,  
Wat wy  
Fan út de grûn fan it hert,  
Wat wy fan de holle út wei  
Beret liede wolle.